

De kwaliteit fan it Frysk

yn de media en by

oare Fryske ynstellings (III)

Sytze T. Hiemstra

Yn Swingel 19 en 20 haw ik ferdútst dat de kwaliteit fan it 'Frysk' by guon ynstellings ferbettere wurde moat. De Afûk en de Fryske Akademy hawwe dêr mei it útjaan fan taaleigenboeken, wurdlisten, wurdboeken, grammatika's, learmiddels en it jaan fan ûnderwiis oan folwoeksenen (Afûk-leargongen) in wichtige basis foar lein en wurkje dêr noch oan, mar kinne it net allinnich ôf. De oerheid moat likegoed in stik fan dy ferantwurdlikens op him nimme, foaral as it giet om de it *ynfieren* en it *fersprieden* fan de 'noarm' en de 'standert' en it *tafersjoch* dêrop. Dêr giet dit tredde artikel benammen oer. Dat freget om in 'noarm' (fan it Frysk) en in 'standert' (fan it Standertfrysk) dy't (folle) kreker omskreaun wurdt as yn it ferline wol dien is.

De taalnoarmrol fan de oerheid

It Algemien Bestjoer fan de Afûk stelde yn 1985 in noarm fêst dy't stuolket op taalideologyske, didaktyske en pragmatyske grûnen en motiven.¹ "As it de Afûk nei in tal jierren bliken docht dat dy noarm net troch eltse skriuwer/ynstânsje yn Fryslân oernommen en hantearre wurdt², dan liket it it Afûk-bestjoer better ta en lis de ferantwurdlikens foar it meitsjen fan noarmrjochtlinen foar it skreaune Frysk (yn it

offisjele ferkear) by it **bestjoer fan de provinsje Fryslân** del. De *Kommisje Taalnoarm* fan de Afûk wurdt yn 1994 opheft nei de tasizzing fan de provinsje (deputearre Lyklema) dat dy neigean sil oft der in provinsjale komisje komme kin dy't as doel hat om dy standertnoarmen te jaan.³

De Afûk dy't as kursusynstitút al sûnt 1985 foar de eigen learmiddels en leargongen in taalnoarm foar it Standertfrysk hantearret, hat syn aktiviteiten foar it fêststellen dêrfan foar it (reguliere) ûnderwiis en it offisjele ferkear dus yn 1994 oerdroegen oan de Provinsje. De Provinsje hat der lykwols oant hjoed de dei noch gjin wurk fan makke. De tasizzing fan de deputearre sil wol yn it ferjittersboek rekke wêze.⁴

It *Rapport van de Gemengde commissie decentralisatievoorstellen provincies: Ruimte, Regie en Rekenschap* (17 maart 2008)⁵ soe hast fyftsjin jier letter oanlieding wêze moatte foar de

Provinsje om no ris serieuw wurk te meitsjen fan it (fierder) noarmearjen en standerdisearjen fan it Frysk foar dy maatskiplike gebieten dêr't de oerheid macht en gesach hat, it ûnderwiisdomein foarop.

In Sintrum foar de Fryske taal en kultuer en taalsoarch

As de Provinsje hooplik aanst mear sizzenkip en foech op it stik fan de eigen taal en kultuer kriget, dan past dêr neffens my en oaren it oprjochtsjen fan in *Sintrum foar de Fryske Taal en Kultuer*⁶ by. Dy ynstânsje soe û.o. de taak krije moatte om ek de *taalkwaliteit* fan it Frysk


(mei) te bewekjen.⁷ Dêrby moat tocht wurde oan in 'buro' dat de noarm (regels en rjochtlinen) fan it Frysk foar it ûnderwiis en guon oare maatskiplike domeinen fêstleit, bewust makket, ferspriedt, ynfiert en kontrolearret.

Sa'n oerheidsynstânsje kin foar maatskiplike sektors lykas ûnderwiis, it offisjele ferkear yn Fryslân en by de subsidiearre media (Omrop Fryslân, tydskriften) foar 't neist befoarderje dat der in ein komt oan de wyldegroei oan opfettings en praktiken dy't skealik binne foar de kwaliteit fan de taal en moat dêrbûten ek in autoriteit wêze as it giet om it sa suver en ryk mooglik brûken fan it Frysk.

Foar it stjoeren en it bewekjen fan de taalkwaliteit fan bygelyks Frysktalige *learmiddels* is dat fan bûtenwentsich grut belang.⁸ De bedrigings binne grut as der gjin goede rezjy komt. Dat freget derom dat de Provinsje in 'sa Frysk mooglike' taalnoarm fêststelt.⁹ Al mear as in fearnsieu haw ik yn en bûten it Afûkferbân foar mear stjoering op dat mêd krewearre. De Feriening Frysk Underwiis bepleitet likegoed al in jiermanich dat der mear stjoering op it mêd fan de Fryske

taalnoarm en taalstandert komt. Yn it koartlyn ferskynde 'Oanfalsplan Frysk' (2007) wurdt itselde útsteld.¹⁰

Der moat dus mei gauwens in Fryske oerheidsynstânsje, in *Sintrum* foar de Fryske Taal en Kultuer, komme, dy't it fêststellen en hanthavenjen fan de kwaliteit fan de



Fryske taal (taalsoarch, taalnoarm en taalstandert) op 'e noed nimt.¹¹ Yn Nederlân bestiet al lang in *Nederlandse Taalunie*, dy't foar it Hollânsk in brede funksje hat. Der moat útsocht wurde oft sa'n Fryske oerheidsynstânsje op deselde wize taken foar it Frysk útfiere kin sa't de *Nederlânse Taalunie* dat foar it Hollânsk docht. Dat Fryske *Sintrum* moat boppedat ferantwurdlik wurde foar de Fryske taalsoarch, de taalnoarm en de taalstandert. It sil de dêroan ferbûne útfiering op him nimme moatte.¹² Oare Europeeske lannen hawwe foar har dominante, steatsnasjonale talen gauris ek ynstânsjes dy't har mei de problematyk fan de taalkwaliteit dwaande hâlde. Foar de twadde rykstaal fan Nederlân is dat net minder needsaaklik. It moat de 'Fryskens' fan it Frysk bewekje.

De Fryskens fan it Frysk

De soarch foar de taal moat frij fan *frisofoby* wêze. Al jierren lyn hat de frisiste Tony Feitsma ûnder it kopke 'Frisofoby of frisyismen yn it Frysk' in artikel skreaun oer de ynfloed fan de Hollânske noarm op Frysk, likefolle oft wy dêr sels weet fan hawwe of net, en dêr gâns foarbylden fan jûn.¹³ Se komt ta de konklúzje dat dy ynfloed by guon maklik liedt ta de eangst dat de taal fan Fryske teksten *âldfrinzich*, te Frysk of te *geef* is. Sadwaande wurde (te) maklik alternativen keazen dy't it tichtste by it Hollânsk lizze.¹⁴ As men lykwols dat geve Frysk systematysk út 'e wei giet, dan ferliest it Frysk hurd syn *eigen* kleur en toan. In presintator, ferslachjouwer, sjoernalist of skriuwer sit samar

oan de ferkearde kant fan de taalgrins¹⁵ as er gjin goede kennis hat fan de Fryske standert en it Frysk net goed ôffreedzje kin fan it Hollânsk. Mear kennis fan it Frysk taaleigen en de taalregels fan it Frysk is dus needsaaklik. Mear en better ûnderwiis yn it Frysk is dêr in betingst foar, net allinnich yn it reguliere ûnderwiis, mar ek binnen bedriuwen, ynstellings en oare organisaasjes.

Ynslûpsels en dialektfarianten

Oer noarm en standert waard de lêste desennia mear skreaun en wreaun as alearen.¹⁶ Grif hat dat (ek) te krijen mei it (mear) brûken fan it Frysk yn domeinen dêr't dat earder net of minder it gefal yn wie. Yn dy situaasjes moatte net allinnich de fan-hûs-út Frysktaligen har goed mei it Frysk rêde kinne, mar ek de fan-hûs-út net-Frysktaligen. It learen fan it Frysk krijet dan faker it karakter fan twadde-taalûnderwiis en soms sels fan frjemde-taalûnderwiis.

Om it Frysk goed leare en brûke te kinnen, is it net allinnich handich en effisjint om te witten wat as goed Frysk beskôge wurde moat, mar ek watfoar Frysk oft it bêste as standertfoarm brûkt wurde kin yn jins teksten. Dat is oant hjoed de dei ta noch altiten net foldwaande fêstlein. It Frysk is fandatoangeande (noch) gjin goed standardisearre kultuertaal. It draacht bytiden noch sterk de spoaren fan in folkstaal en nimt winliken in tuskenposysje yn tusken folks- en kultuertaal.



Yllustraasjes
Ed Knotter

Yn in folkstaal binne ûnderskate farianten neistinoar gongber. Yn sa'n situaasje wit de learder en brûker net hokfoar dialektefariant oft de bêste standertfariant is en ek net hokfoar ynslûpsels út oare talen oft it bêste út de standert keard wurde kinne. De lêzers fan Frysktalige literatuer en de brûkers fan Frysktalige learmiddels wurde noch altiten konfrontearre mei


gâns wyldgroei op it stik fan farianten en ynterferinsjes. Soks befoarderet it oaneigeningsproses net en is in behindering foar it flot skriuwen fan it Frysk. It seit himsels dat de rop om dêr konsistintere, konsekwintere en mear spjaltende rjochtlinen foar te jaan, dan lûder wurdt. Ommers: wat faker oft men in (goede) foarm tsjinkomt, wat earder oft men dy sels ek brûke kin en grif ek brûkt.

De beide hânwurdboeken fan de Fryske Akademy út 1984 en 1985 kinne jin in ein op streek helpe as it giet om de fraach oft ynterferinsjes (ynslûpsels út in oare taal, benammen hollânismen), hjoed de dei al of net ta (de noarm fan) it Frysk rekkene wurde. As dy foarms der net ynsteane (bygelyks *froeger* en *ûngefear*), dan kin men se mar better mijje. En as men kieze moat út dialektefarianten, dan kinne beide boarnen jin yn aardich wat gefallen ek op streek helpe. Yn guon gefallen bliuwt de ûnwissens en twivel lykwols bestean.

In foarbyldsje as ferdúdliking: as men yn WB-I it lemma (stekwurd) *rjocht* opsiket, dan wurdt derop

wiisd dat de fariant *rjucht* ek bestiet (s. 823), dy't deselde betsjutting hat en yn ien letter/lûd ferskilt fan *rjocht*. Beide farianten falle dus blykber binnen de noarm fan it Frysk. Foar in standert is dat yn sa'n gefal almeast tefolle ferskaat. Men kin beide foarms dochs net tagelyk skriuwe yn in tekst en ôfwikseling fan beide farianten yn deselde tekst hat ek gjin doel. Men moat hoe dan ek kieze. As men dat kiezen makliker meitsje wol, dan moat ien fan beide foarms dus de foarkar krije. Yn WB-I fine wy by *rjucht* allinnich in ferwizing nei it lemma *rjocht* en gjin ynholdlike ynformaasje. Yn it artikel dat ûnder it stekwurd *rjocht* te finen is, stiet alle ynformaasje oer it oanbelangjende begryp. It liket der dus sterk op dat de gearstalders fan WB-I in (grif goede) reden hân hawwe om dat by *rjocht* te dwaan en net by *rjucht*. Foar ien dy't Standertfrysk skriuwe wol of moat, kin dat dan wer in oanwizing wêze om oan *rjocht* de foarkar te jaan boppe *rjucht*.

Yn WB-II wurdt *rjocht* as earste fariant neamd en *rjucht* as twadde. Wy fine by de Fryske wjergaders fan 'recht' dus gjin tsjinstridichheden tusken beide boarnen. De wurdboekkar wurdt lykwols net dúdlik eksplisitearre en beide boarnen binne lang net altyd mei-inoar yn 't lyk. Dat kin ûnderwiiskundige en ideologyske problemen jaan. Salang't de Fryske *oerheid* dat (noch) net stjoert (lykas by de staveringsregels), sille wy sels goede útgongspunten sykje moatte om foarms al of net te skriuwen yn de eigen teksten.



Utgongspunten foar in Fryske standert

In stikmannich wichtige útgongspunten foar in Fryske standert soene der, wat my oanbelanget, likernôch sa útsjen moatte¹⁷:

1. Wat Nijfrysk is, is te finen yn de skriftlike boarnen fan 1800 ôf.
2. De skriftlike foarm fan dat Frysk falt ûnder de noarm fan it Frysk as dy opnommen is yn it sammelmateriaal fan de Fryske Akademy of dêryn

opnommen wurde sil, bygelyks omdat dy foarm yn de folkstaal libbet, as in geve en akseptabele foarm beskôge wurdt en oant dan ta net opmurken is troch de leksikografen fan de wurdboekstêf.

3. De noarm fan it *Standertfrysk* wurdt helle út WB-I (1984) en II (1985) en oanfoljende wurdlisten fan de Fryske Akademy (bygelyks dy foar frjemde wurden, offisjeel ferkear of beskate fakgebieten).¹⁸ Foar tiidwurden en de foarnaamste syntaksisregels wurdt dy noarm helle út *Tiidwurden* (Afûk).¹⁹ De mear spesifike syntaksisregels komme út oare fak-literatuer (bgl. grammatika's).²⁰ As standertfoarm foar de tiidwurden jildt de foarkarsfoarm dy't yn *Tiidwurden*²¹ oanjûn wurdt (ferl. s. 34-69).
4. Njonken gâns gongbere Fryske wurden komme yn 'e skreaune taal dúdlike ynterferinsjegefallen (almeast hollânismen) foar mei deselde betsjutting. Yn sokke gefallen is de Fryskeigen foarm as regel de standertnoarm. Dy standertnoarm is faak al te finen yn WB-I, omdat de ynterferinsjefoarm net opnommen is: sa is bygelyks *beskút* net opnommen en *bak* wol.
 - a. As de ynterferinsjefoarm wol opnommen is, ferwiist dy foarm almeast allinnich nei de Fryske(re) fariant: sa wurdt bygelyks by *oait* ferwiisd nei *ea* (en by *ea* stiet: 'Ook oait'). By *ea* is dan de ynhâld fan it artikel te finen. *Ea* is no de standertfariant.
 - b. As de Fryske foarm en de ynterferinsjefoarm beide yn it WB-I foarkomme, sûnder dat ferwiisd

wurdt, dan is de standertnoarm net oan te jaan. Yn dy gefallen wurde beide farianten as standertnoarm beskôge, mar is der in foarkar foar de Fryske(re) foarm.

- c. As njonken in ynterferinsjefoarm noch gjin Fryske wjergader brûkt wurdt of útsteld is, wurdt in nije Fryske wjergader, foarsafier't dy logysk past yn it hjoeddeiske Fryske taalsysteem, as standertnoarm nei foaren skood. Salang't dêr noch gjin útstel oer is, wurdt, foarsafier't dat mooglik is, de ynterferinsje mijd.
- d. Skriftlike wurdfoarms dy't de lêste 25 jier net mear gongber binne, wylst ek de mûnlinge wjergader sûnt dy tiid net mear brûkt wurdt, wurde as argaysk beskôge. Foarkarsfoarms binne yn sokke gefallen alderearst oare Fryske foarms mei deselde betsjutting dy't net argaysk binne. Bestiet der gjin Fryske foarm mei deselde betsjutting, mar allinnich in ynterferinsje, dan krijt dy ynterferinsje almeast de foarkar: bygelyks net it argaïsme *jit(te)*, mar de ynterferinsje *noch*.²²
5. Reduksje fan farianten op morfologysk en leksikaal mêd is yn guon gefallen ek goed mooglik.
 - a. Yn wurden dy't einigje op *-ing* wurdt de foarkar jûn oan de meartalsfoarm op *-s*: *gearstallings*, *taljochtings*. By foarms dy't libbene wêzens oantsjutte en útgeane op *-ling* is dy distânsje mei Hollânske foarms almeast net mooglik yn it Frysk en bliuwt de meartalsfoarm op *-en* de standertfariant: *ellindelingen*, *learlingen*, *âlderlingen*.

- b. In fermindering fan meartalsútgingen is ek mooglik as der útgingen wurdt fan de regel dat yn it Frysk de wurden op in 'stomme' e/sjwa [ə] in meartal op *-en* krije: *pake(n)*, *beppe(n)*, *binde(n)*, *sykte(n)*, *gûne(n)*, *mûne(n)/mole(n)*, *romte(n)*, *fitamine(n)*, *masine(n)*, *gemeente(n)*, *prinsipe(n)*, *kassette(n)*, *rûte(n)*, *opname(n)*, *ûnfoldwaande(n)*, *analyze(n)*, *attitude(n)*, *besite(n)*, *boade(n)*, *boete(n)*, *detektive(n)*, *enkête(n)*, *fakature(n)*, *fedette(n)*, *finale(n)*, *halte(n)*, *holte(n)*, *kollekte(n)*, *karrière(n)*, *kazerne(n)*, *lakune(n)*, *makette(n)*, *offerte(n)*, *prognôaze(n)*, *type(n)*, *salade(n)*.²³ Dy foarms binne de standertfoarms.
- c. By in reduksje fan frjemde wurden dy't op *-or/-er* útgeane, wurdt de standertnoarm it Fryskeigen meartal op *-s*: *motors* (en net: *motoaren*, ensfh.), *sektors*, *eksaminators*, *professors*, *radiators*, *dokters*.
- d. By fariaasje tusken de ferlytsingsfoarm *-ke* en *-tsje* wurdt it efterheaksel *-ke* as standertnoarm beskôge: *kastke*, *listke*, *truike*, *buroke*, *bekerke*. Alleast as der net dúdlik sprake is fan in argaïsme.
- e. By fariaasje tusken *ge-* as foarheaksel en de foarm sûnder *ge-*, wurdt de foarm sûnder *ge-* as standertfoarm beskôge: *tal*, *lok*, *lykweardigens*. Teminsten

as de fariant net argaysk is en der gjin ferskil yn betsjutting is.

f. Folsleine of folle foarms krije de foarkar boppe koartere foarms as dy allegearre binnen de noarm fan goed Frysk falle: ik ha (**w**), wy ha (**wwe**), bedstee (**d**), dûbel (**d**), strún (**d**)er, woastenij (**e**), grip (**er**)ich, strieën (**e**) skonken, de gouden (**e**) brêge, flean (**d**)erich, keningin (**ne**), dûnseres (**se**), groetnis (**se**), abdis (**se**), diz (**en**)ich razernij (**e**), risping (**e**), opljeppen (**d**), mûts (**e**), iepen (**t**)lik, njoggent (**s**)jin (de), dy'tsto (net: dysto), no'tst (net: noost), oftst (net: ofst)²⁴, ensfh. De folle(re)/langere foarm wurdt as standertfoarm beskôge.

g. De je-tiidwurden krije as regel de foarkar boppe de e-wjergaders (as der gjin betsjuttingsferskil is): achtsje (achte), bûgje (bûge), (jin) bedroeve (bedroeve), damje (damme), dichtsjje (dichte), eazgje (eaze), ervje (erve), ferplichtsjje (ferplichte), glydzje (glide), hakje (hakke), kervje (kerve), kleurje (kleure), moetsje (moete), partsje (parte), ensfh.²⁵

h. De sterke tiidwurdsfoarm (mei lûdwiksel) kriget as regel de foarkar boppe de swakke en net-lûdwiksel-

jende as beide tastien binne: ik diek (dekke), dreau (driuwde), flocht (flechte), hold (hâlde), hong (hinge), gou (jilde), kniep (knypte), litte (lijde), liek (like), preau (priuwde), roek (rûkte), ensfh. (sjoch ek Tiidwurden).

By suver alle reduksjemooglikheden spilet it distânsjebegjinsel wer in rol.

6. By staverings- of fonologyske farianten (dûbelfoarmen ensfh.), dy't gauris ek dialektyske farianten binne, wurdt as standertnoarm de foarm beskôge dy't yn it skriftlik taalgebrûk de lêste 25 jier it meast gongber is. Yn de measte gefallen liket it ferwizingssysteem yn WB-I dy fariant te jaan: bygelyks it foarheaksel ûn(t) is de standertfoarm en net on(t), dus ûnwaar en ûntrinne.

7. By staveringsfariaasje mei in Fryske fariant en in ynterferinsje (dy't soms ek dialektysk wêze kin) is de Fryske(re) foarm de standertfoarm foarsafier't dy skriftlik de lêste 25 jier gongber is: -earje is de standertûtgong en net -eare: avensearje, probearje, kampearje, parkearje. Itselde jildt foar -eftich (en net -achtich): reuseftich, readeftich, ensfh.

Op grûn fan it ferwizingssysteem wurdt de standertfariant bygelyks east (en net oast), efter (en net achter). Net altiten is der lykwols in noarmoanwizing yn WB-I te finen. It distânsjemotyf kin dan helpe om ta in standertfariant te kommen.

8. Foar taaleigen lykas siswizen en oare útdrukkingsjouwe it WB-I, it taalgebrûk fan grutte skriuwers (benammen dy út de tritiger jierren), spesifike

taaleigenboeken (lykas: Ken jim Frysk, Op 't aljemint en Op 'e taelhelling I en II, Efkes Taalbuorkje I en II) yn de measte gefallen in noarm fan wat goed Frysk is, hoewol't de samling net folslein wêze kin.²⁶

By syntaktyske fariaasje yn it skreaune Frysk is de noarm wat te finen is yn de Fryske literatuer fan de grutte proazaskriuwers en de Fryske grammatika's fan de 20^{ste} ieu. Syntaktyske ynterferinsjes (ynslûpels yn de bou fan de sin) lykje der yn it skreaune proaza fan dy foarige ieu (noch) net folle te wêzen. Foar dy aspekten jout it WB-I gjin eksplisite noarm. Tiidwurden (Afûk), Bydragen ta de didaktyk fan it Frysk yn it fuortset ûnderwiis (benammen haadstik 5), de Grammatica Fries (Jan Popkema) en oare fakliteratuer beskiede de goede noarm en standert.²⁷

9. Foarsafier't yn in konkreet gefal neat oer de winsklike standertfoarm te sizzen is op grûn fan it foargeande, jildt dat de meast Frysk identifisearjende foarm de standertfoarm is. By it brekken en rekken fan lûden is dat grif it gefal.

Sa binne brekkingsfoarms almeast de standertfoarms: iennige/iennichste (net: ienige/ienichste), bruorren (net: broers), kuolkast (net: koelkast), studearret (net: studeart), foarrige (net: foarige). Dat jildt ek foar de (brutsen) útspraak, ek al is dy op skrift net te sjen: ynearsten [injɛstən], moaiste [mɔaɪstə], briefke [brɪlfkə], griente [grɪIntə], ensfh.

Typysk Frysk binne ek de rutsen lûden yn wurden as: rôt (rot), rôk (rok), pôt (pot), stók (stok), mès (mes), glêd (gled). Dy hawwe de pree.

'De weg naar het kakhuis'?

Teake Hoekema hat yn 1986 in weardefol artikel skreaun oer slof taalgebrûk yn kranten en tydskriften. Hy freget him dêryn ûnder mear ôf: "[...] wolle wy noch wat mei it Frysk of is it langer in spultsje fan hieltyd mear tebekfallen fan de bûtendiken op 'e slieperdiken, oant dy ek brekke en de hiele krite splitsjet? M.o.w. 'de weg naar het kakhuis' sa't Joast Halbertsma it earne útdukt? As gemaksucht en ûnkunde ús ferkoft wurde as in 'prinsipe' (dat fan de skriuwtaal moat har hieltyd op 'en nij rjochtsje nei de sprektal) ynstee fan dat praters en skriuwers fan ús taal brocht wurde ta de noarm fan goed Frysk, dan hoecht men gjin grut profet te wêzen om te foarsizzen wêr't it hinnegiet. [...]"

As 'de weg naar het kakhuis' algemien oanfurdige en ek de gongbere wurdt by sjuerys en redaksjes, hoege wy ús nearne mear drok om te meitsjen, want it hâldt yn dat ús sprekkers en skriuwers de paadsjochters wurde foar in griemank dat de namme fan Frysk net mear fertsjinnet. Ek ús taalkundigen sille taalbou en taalwarjen heger prioriteit jaan moatte as it folgen fan taalferfal [...]"

In sprekker of skriuwer dy't himsels net weismyt, docht flyt op ynhâld en foarm fan wat er te sizzen of te skriuwen hat. Meiwurkers oan tydskriften fertsjinje om holpen te wurden troch saakkundige redaksjes. In goed literêr bestel moat de kompetinsje en de moed

hawwe om dêr't dat nedich is, de finger op it sear te lizzen. Dêrmei is it oansjen fan taal en literatuer – wichtige komponinten yn ús bestean as folk op 'en bêsten tsjinne."²⁸

Hoekema syn 'weg naar het kakhuis' komt my allegeduerigen (wer) yn it sin as ik konfrontearre wurdt mei it 'sabeare'-Frysk fan in skriuwster dy't hjoed de dei yn de *Ljouwerter Krante* benammen Frysktalige boeken (romans) skôget. Mei men fan kritisy net ferwachtsje dat se geef Frysk skriuwe kinne en wolle yn de media? Dat se har ark (de taal) goed en geef brûke? In kritikus as Anne Wadman skôge al wer hiel wat jierren lyn de Fryske literatuer yn de *Ljouwerter*. Hy die dat yn in treflik Frysk. Jabik Veenbaas, Abe de Vries en Harmen Wind spilen en spylje op dat stik de lêste jierren likegoed net swak by. Doe't ik lykwols yn de rin fan 2006 yn de *Ljouwerter* de kritykjes fan Jetske Bilker ûnder eagen krige, realisearre ik my dat ik blykber jierrenlang troch har foargongers aardich 'bedoarn' wie.

Jetske har skôgings binne in 'trendbrek', in oanslach op de taalnoarm. Allegeduerigen as ik har bryk 'Frysk' ûnder eagen krij, lûke de teannen my krom en dogge de eagen my sear. Dêr kin ik wol in stikmannich 'Opskerpers' fan gearstalle. Foar in kommende *Swingel* dan mar. *Tot Leringe ende Vermaak ...*

Och nee, lit dat 'fermaak' mar wei. It is bytiden treurtoaniel. De bûsdoek moat der ornaris by ...

Noaten

- 1 It taalnoarmbeslút fan de Afûk, fêststeld troch it Algemien Bestjoer fan de Afûk op 14 juny 1985, is ûnder it kopke 'Taalnoarm AFUK' te finen yn De Pompeblêden (1987, jrg. 58, nû. 5, s. 84). Utstellen foar in fierdere útwurking fan de noarm en in standert foar it Frysk binne yn 1995 dien troch S.T. Hiemstra yn 'Noarm en standert' (De Pompeblêden, 1995, jrg. 58, nû. 1, s. 12-14). Sjoch ek myn twadde artikel oer 'De kwaliteit fan it Frysk yn de media en by oare Fryske ynstellings (III)' yn in earder Swingelnûmer.
- 2 Sjoch Beliedsplan Afûk 1991-1995 (1991, s. 15, 32).
- 3 Ferl. ek Jierferslach Afûk 1994 (s. 51); Beliedsplan Afûk 1996-2000 (1996, s. 12) en S.T. Hiemstra, 'De taalnoarm', haadstik XIII; yn: A. Dykstra & R.H. Bremmer Jr, In skiednis fan 'e Fryske taalkunde (Ljouwert: Fryske Akademy, 1999, s. 257-258).
- 4 Ek al hat de FFU der by ûnderskate gelegenheden en yn kontakten mei de Provinsje op oanstien.
- 5 Rapport van de Gemengde commissie decentralisatievoorstellen provincies: Ruimte, Regie en Rekenschap (17 maart 2008). De saneamde kommisje-Lodders skriuwt yn in paragraaf oer de Fryske Taal (par. 3.2.1.6 BZK, s. 36): "De commissie adviseert om rijkstaken op het terrein van de Friese taal zoveel mogelijk naar de provincie Fryslân te decentraliseren. Hiertoe volgt de

commissie het voorstel van de provincie om een tijdelijke stuurgroep te installeren. Deze stuurgroep zal bestaan uit leden afkomstig van zowel de provincie Fryslân als het rijk. Deze stuurgroep doet binnen een half jaar voorstellen voor een samenhangende decentralisatie en coördinatie voor taken die verband houden met de Friese taal.”

- 6 Sjoch P. Bergsma, J. van der Bij, T. Dykstra, S.T. Hiemstra (eintr.), R. Salverda en R. Valk, Oanfalsplan Frysk. Nei in fersterking fan de ekonomyske en juridyske grûnslaggen fan it Frysk (Drachten/Ljouwert: [digitale ferzje], okt. 2007), hdst. IX, 'In Sintrum foar de Fryske Taal en Kultuer'; oan te klikken op [www.fryskebeweging.nl/ffu/brieven_útgien_2007_\(02-10-2007\)](http://www.fryskebeweging.nl/ffu/brieven_útgien_2007_(02-10-2007)) → Provinsje: Oanfalsplan Frysk).
- 7 Sjoch P. Bergsma, S.T. Hiemstra e.o., Oanfalsplan Frysk (2007), hdst. 10, par. 11.
- 8 Ferl. de útgongspunten foar nij ûnderwiismateriaal foar it primêr ûnderwiis yn de ûnderwiisnoata Boppeslach (s. 24) (bgl. foar de basisskoallemetoade 'Studio F'). Wy soene dêr as nij útgongspunt oan taheakje wolle dat it yn 'yn geef Frysk', of noch better 'yn geef Standertfrysk' moat. Soks moat fansels foar alle Frysktalige learmiddels jilde dy't mei oerheidsjild of oerheidsstipe útjûn wurde.

- 9 Sjoch bgl. S.T. Hiemstra, 'De taalnoarm', haadstik XIII (yn: A. Dykstra & R.H. Bremmer Jr, In skiednis fan 'e Fryske taalkunde, Ljouwert: Fryske Akademy, 1999, s. 242-279 en foaral s. 256-258). It Algemiens Bestjoer fan de Afûk stelt yn 1985 in noarm fêst dy't benammen basearre is op taalideologyske, didaktyske en pragmatyske motiven. "As it de Afûk nei in tal jierren bliken docht dat dy noarm net troch eltse skriuwer/ynstânsje yn Fryslân oernommen en hantearre wurdt (Beliedsplan Afûk 1991-1995, 1991, s. 15), dan liket it it Afûk-bestjoer better ta en lis de ferantwurdlikens foar it meitsjen fan noarmrjochtliden foar it skreaune Frysk (yn it offisjele ferkear) by it bestjoer fan de provinsje Fryslân del. De Kommissje Taalnoarm wurdt yn 1994 opheft nei de tasizzing fan de provinsje (deputearre Lyklema) dat dy neigean sil oft der in provinsjale kommissje komme kin dy't ta doel hat om dy standertnoarmen te jaan" (ferl. ek Jierferslach Afûk 1994, s. 51; Beliedsplan Afûk 1996-2000, 1996, s. 12 en S.T. Hiemstra, 'De taalnoarm' [sj. it begjin fan dizze noat], s. 257-258).

10 Bergsma e.o., Oanfalsplan Frysk (2007); sjoch hjirboppe.

- 11 Ferl. de Reaksjesnota [Fryske ferzje; Ljouwert: Provinsje Fryslân], 28 augustus 2007 (s. 18) oangeande de ûntwerpnoata Frysk taalbelied, Frysk yn Fryslân: better sichtber mear fertroud, 2007-2010 (2006) yn ferbân mei it Beliedsplan Fryske Taal 2008-2010, Fan Rjocht nei Praktyk (2007):
"[2.4.1] It Provinsjaal bestjoer moat [neffens de Ried fan de Fryske Beweging] mear foech krije foar it regeljen fan saken foar it Frysk. Der soe yn Fryslân in ynstytút foar taalkwaliteit komme moatte en in orgaan fergelykber mei de Welsh Language Board is ek nedich. Ek it stellen fan easken op it mêd fan it behearskjen fan it Frysk by oanstellings/beneamings is in saak

dêr't mear oan wurke wurde moat. De algemiene frijbljuwendheid fan no soe minder wurde moatte." [...]

[Reaksje fan de Provinsje dêrop] "De regionale oerheden binne wichtige wichtich by it fuortsterkjen fan it Frysk. Mei de ûndertekeuning fan de yntinsjeferklearring tusken Provinsje en acht gemeenten is de earste stap set om dy frijbljuwendheid út 'e wei te romjen. It is dan de yntinsje om, rekken hâldend mei de Awb (Algemene wet bestuursrecht), yn it earste plak it Frysk te brûken by skriftlike kommunikaasje. Wy binne it folslein iens mei de fraach om mear foech. Wy binne dêroer yn diskusje mei it Ryk. It ynstytút foar taalkwaliteit is op it stuit de Fryske Akademy dy't noed stiet foar it útbringen fan (digitale) wurdboeken."

- 12 De Nederlandse Taalunie wurket as in soarte fan ministearje fan taal foar Nederlân en der wurkje sa'n tritich meiwurkers foar Nederlân, Vlaanderen en Suriname en Yndoneezje. Op 9 septimber 1980 is it Taalunie-ferdrach sletten. In part fan wurk dat de Taalunie docht, wurdt yn Fryslân foar it Frysk al dien troch de Fryske Akademy, bygelyks it ûntwikkeljen fan basismateriaal foar wurdboeken, staveringsboekjes en staveringsstjekkers. Wapenfeiten fan de Taalunie binne de Algemene Nederlandse Spraakkunst (ANS) en de Woordenlijst Nederlandse taal (it 'Groene boekje'), útspraakwurdboeken en ûnderskate twatalige fertaal- en learwurdboeken. De Taalunie fersoarget foarsjennings op it ynternet, lykas in digitale biblioteek fan Nederlânsktalige wurken (www.dbnl.org), fertaalprogramma's (bgl. NL-Translex Ned.-Frânsk, Ned.-Ingelsk en v.v.) en beheart fûnemintele neislachwurken, lykas it Corpus Gesproken Nederlands. De Taalunie makket listen mei ierdrykskundige nammen en ûnderskate terminologybestannen. De Prijs der Nederlandse Letteren, de Inktap, de Taalunie Toneelschrijfprijs, de Taalunie Onderwijsprijs en de Scriptieprijs (ôfstu-

dearskripsje oer in ûnderwerp út de nearlandistyk) binne ek by de Taalunie ûnderbrocht. Under auspysjes fan de Taalunie wurdt ek in nije 9-dielige skiednis fan de Nederlânske literatuer skreaun.

De Taalunie skept yn it foarste plak de betingsten dêr't it Nederlânsk (Hollânsk) optimaal ûnder brûkt wurde kin. It is lykwols net de taak fan de Taalunie om de taalbrûkers te fertellen wat goed Nederlânsk is en wat net. Wy sjogge dat krekt as de haadtaak fan in Frysk Ynstitút foar Taalkwaliteit as ûnderdiel fan in Sintrum foar de Fryske Taal en Kultuer.

Fierder krewearret de Taalunie yn 'e mande mei oare nasjonale organisaasjes foar in Europeesk taalbelied rjochte op it stypjen fan de offisjele Europeeske talen (en dêr liket it Frysk noch net ûnder te fallen!). De Taalunie jout jildlike stipe oan en stelt sintrale foarsjennings beskikber foar sa'n 220 fakgroepen Nederlânsk yn 43 lannen en fersoarget kursussen foar bûtenlânske studinten en dosinten. It sosjaal taalbelied is rjochte op taalbrûkers dy't it Nederlânsk ûnfoldwaande behearskje (bgl. op it heljen fan it 'Certificaat Nederlands als Vreemde Taal', alle jieren goed 2.500 dielnimmers). De begrutting fan de Nederlandse Taalunie beslacht sa'n 9 miljoen euro (2004).

- 13 Sjoch T. Feitsma, 'Frysofoby of frysismen yn it Frysk' (Fryx, jrg 11/12, 1990/1991, nû. 2, s. 114-115); foar it grutste part ek oan te klikken op www.fryskebeweging.nl/ffu/publikaasjes → Skriuwkursus Frysk, les 2.
- 14 Dat liket by de Omrop dúdlik it gefal te wêzen. Sjoch myn eardere artikels yn Swingel (nû. 19, 2007 en nû. 20, 2008) oer dat ûnderwerp.
- 15 Ferl. ek S.T. Hiemstra (1997/1998) 'Frysk en Standertfrysk: ôffreding, op- en útbou I, II' (De Pompeblêden, jrg 68, nû. 5, s. 72-75, jrg 69, nû. 1, s. 5-7).

- 16 Sjoch bgl. S.T. Hiemstra, 'De taalnoarm', haadstik XIII (yn: A. Dykstra & R.H. Bremmer Jr, In skiednis fan 'e Fryske taalkunde, Ljouwert: Fryske Akademy, 1999, s. 253-262).
- 17 Sjoch ek S.T. Hiemstra, 'Noarm en learmiddels folwoeksene-ûnderwiis' (De Pompeblêden, jrg 58, 1987, nû. 5, s. 82-84) en S.T. Hiemstra, 'Noarm en standert. Utstellen foar in standert foar it Frysk' (De Pompeblêden, jrg 66, febr. 1995, nû. 1, s. 12-14. It foarwurk dêrfoar is yndertiid dien troch Klaas van der Veen fan de wurdboekstêf fan de Fryske Akademy en Gjal't Jelsma fan de taalkundige ôfdieling fan de Afûk. Beiden wiene lid fan de Taalnoarmkommisje fan de Afûk.
- 18 Dêrby moat tocht wurde oan bygelyks B. Oosterhaven, Nije list fan frjemde wurden (Ljouwert: Fryske Akademy, 2000); R. de Haan, Mei freonlike groetnis. Skriuwwizer mei stekwurden en foarbylden (Ljouwert: Fryske Akademy, 1995), R. de Haan, Terminology fan 'e saakfakken (Ljouwert: Taalburo Fryske Akademy, 2000); P. Duijff, Juridisch Woordenboek Nederlands-Fries, met een index Fries-Nederlands (Groningen/Ljouwert/Leuwarden: Martinus Nijhoff/Fryske Akademy, 2000) en oan ûnderskate sammelingen op it mêd fan de natoer en oare gebieten (bgl. fan J. Boersma, D. Franke, R. de Haan, D.T.E. van der Ploeg).
- 19 Dick Eisma en Jan Popkema, Tiidwurden (Ljouwert: Afûk, 1989, 20006 [revisearre printinge]).
- 20 Tige fan belang is J. Popkema, Grammatica Fries. De regels van het Fries (Utrecht: Uitgeverij Het Spectrum B.V., 2006, Prisma taalbeheersing).
- 21 Dick Eisma en Jan Popkema, Tiidwurden (Ljouwert: Afûk, 1989, 20006 [revisearre printinge]).
- 22 Dat betsjut lykwols alhielendal net dat geef-Fryske foarms lykas jitte, jerne, rju, stalke en tins no 'besmet' of 'taboe' binne; se

binne 'gewoan' yn it wurdboek (FW-I, 1984) te finen en kinne brûkt wurde.

- 23 Sjoch ek Pieter Breuker, Jan Griffioen, Jarich Hoekstra e.o., Bydragen ta de didaktyk fan it Frysk yn it fuortset ûnderwiis (Grins/Ljouwert: Frysk Ynstitút R.U.G./AFUK, 1982, s. 53) en by it stekwurd 'meartal' yn Mei freonlike groetnis fan Rienk de Haan (1995, s. 79).
- 24 Ferl. ek Mei freonlike groetnis fan Rienk de Haan (1995, s. 129).
- 25 Listen mei -je-tiidwurden (alfabetysk en retrograad) binne oan te klikken op: www.fryskebeweging.nl/ffu/publikaasjes/wurdlisten.
- 26 Ferl. bgl.: Tamminga, D.A., Op 'e taelhelling Losse trochsneden fan Frysk taellibben, I (Boalsert: Osinga, 1963); Tamminga, D.A., Op 'e taelhelling Losse trochsneden fan Frysk taellibben, II (Boalsert: Osinga, 1973); Tamminga, D.A., Kantekers. Fersprate stikken oer taal en literatuer (Grins: S.F. FYRUG, 1985); Kalma, D., Freegje mar fierder! In ynlieding ta it Fryske taeleigen [foarste dieltsje] (Boalsert: Osinga, 1943); Kalma, D., Ken jim Frysk! In samling Frysk Taeleigen foar leargongen en selsstúdzje (Drachten: Laverman N.V., 1948); S.W. Douma [= D. Kalma], Frysk taeleigen-boekje I. It túch der út! (Drachten: Laverman, 1946, Rige Lytse Paedwizers - 2); S.W. Douma [= D. Kalma], Frysk taeleigen-boekje II (mei kaei). It goede krûd (Drachten:

Laverman, 1946, Rige Lytse Paedwizers - 2); Tsjepkema, H., Efkes taelbuorkje (Ljouwert: Koperative Utjowerij, 1978); Tsjepkema, H., Efkes taalbuorkje II (Ljouwert: Koperative Utjowerij, 1997); J.K. Dykstra, Op 't aljemint, in samling taaleigen (Ljouwert: Fryske Akademy/AFUK, 19782); O.H. Sytstra en J.J. Hof, Nieuwe Friesche Spraakkunst (Leeuwarden: R. van der Velde, 1925) mei dêryn opnommen in treflike 'Idiomatische Woordenlijst' (s. 178-274).

27 Dick Eisma en Jan Popkema, Tiidwurden (Ljouwert: Afûk, 1989, 20006 [revisearre printinge]); Jan Popkema, Grammatica Fries. De regels van het Fries (Utrecht: Uitgeverij Het Spectrum B.V, 2006, Prisma taalbeheersing); Pieter Breuker, Jan Griffioen, Jarich Hoekstra e.o., Bydragen ta de didaktyk fan it Frysk yn it fuortset ûnderwiis (Grins/Ljouwert: Frysk Ynstitút R.U.G./AFUK, 1982).

28 T[eake] H[oeke], 'In te min achtslein aspekt by de literatuerbeoardieling' (Lyts Frisia, tydskrift foar Fryske striid en literatuer, jrg. XXXV, nû. 7-9, july-sept. 1986, s. 45-48).

“Ferstiet ús Leaven Heare dan gjin Frysk?”

Jabik van der Bij

Mei it sitaat hjirboppe, dat út in anekdoate fan Jan Jelles Hof komt, rekket Jan Popkema miskien wol de kearn fan hûndert jier Kristlik Frysk Selskip (en Roomsk Frysk Boun). Dat ferhaal is in moaie demonstraasje fan de skizofrene hâlding fan de Frysktaligen foar it Frysk yn tsjerke oer. Hof fertelt – en it kin bêst wier wêze – dat er thús oan de itenstafel út de Mattéusoersetting fan Joast Halbertsma foarlies. It gie syn mem al gau te mâl oan har skodholjen te sjen. Benammen doe't it Us Heit lêzen waard, “sloech hja de hannen yn elkoar en sei: ‘O fij jonge! Dit giet te bot. O, ik kin 't my net begripe, dat in dûmny soks skreaun hat, sa'n gelearde man! Och och, wat is 't langer benaud! It Onzefader yn 't Frysk!’”. Jan Jelles wist sa gau net wat er sizze moast, mar syn suske fan njoggen kaam mei de snedige opmerking: “Hea mem! Ferstiet ús Leaven Heare dan gjin Frysk?”

Wa't hikke en tein is yn it grifformearde wrâldsje en sels besocht hat om de tsjerke Frysker te krijen, sil gauris in Aha-Erlebnis hawwe by it lêzen fan it jubileumboek 'Mei it wiffe skip'. It hat

allinne dêrom al in goed idee fan it bestjoer fan it KFS west om de hûndertste jierdei net samar foarby gean te litten. De redaksje wie frege om “in boek mei dokuminten en artikels ‘dy't net wei wurde meie, dy't ynspirearjend west ha (en binne) en dy't grutte ynfloed hân ha’, mei as doel in basis te

foarmjen om fierder nei te tinken oer de takomst.” Of sa't foarsitter Liuwe Westra it yn it foarôfwurd gearfettet: gjin tinkboek mar in neitinkboek. Net sa'n maklike opdracht en mooglik dêrtroch ek mar foar in part slagge. De redaksje hat himsels, troch in struktuer mei in yndieling yn fjouwer tiidrekken te kiezen, dochs wat yn in histoaryske opset manoeuvrearre. By in mear tematsyske oanpak hie it betinken of it oan it tinken setten faaks better ta syn rjocht kommen. Dêr hiene dan krektlikegoed eardere wichtige dokuminten yn opnommen wurde kinnen. No leit de klam yn 'Mei it wiffe skip' dochs mear op it histoarysk oersjoch (tinkboek) en minder op it aspekt fan 'neitinkboek'. Mar op himsels is der ek neat op tsjin om beide aspekten mei te nimmen. Dy kar